

From: "Griffie" <griffie@leeuwarden.nl>
Date: 13 Nov 2020 11:05:45 +0100
To: "Borghardt, Willem Jan"
<willemjan.borghardt@leeuwarden.nl>; "Documentenbeheer" <PDI@leeuwarden.nl>; "Kromhout, Walter" <walter.kromhout@leeuwarden.nl>; "Lijzenga, Afke" <afke.lijzenga@leeuwarden.nl>; "Probst, Jacqueline" <jacqueline.probst@leeuwarden.nl>; "Rietdijk, Elisabeth" <elisabeth.rietdijk@leeuwarden.nl>
Subject: FW: skriftlike fragen VVV Ljouwert.docx
Attachments: skriftlike fragen VVV Ljouwert.docx, ATT00001.txt

-----Oorspronkelijk bericht-----

Van: Veldstra, Lyda <lyda.lantinga@leeuwarden.nl>

Verzonden: vrijdag 13 november 2020 10:10

Aan: Griffie <griffie@leeuwarden.nl>; Raadsleden <raadsleden@leeuwarden.nl>; Fractieassistenten Leeuwarden <fractieassistenten@leeuwarden.nl>; burgemeesterenwethouders@leeuwarden.nl

Onderwerp: skriftlike fragen VVV Ljouwert.docx

Goeiemoarn minsken,

Bijgeand skriftlike fragen fan de FNP fraksje Ljouwert, oangeande it ferdwinen fan de VVV Ljouwert.
De fraach oan de griffy om dizze fragen oan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders kenber te meitsjen.
Mei groetnis en in goed wykein tawinske.
FNP fraksje Ljouwert
Lyda Veldstra



VVV Ljouwert ferdwynt?

Skriftlike fragen oan it kolleezje fan Boargemaster en Wethâlders sa as bedoeld yn artikel 41 fan it Reglemint fan Oarder fan de Gemeenteried Ljouwert.

Ljouwert, 13 novimber 2020.

Acht Kolleezje,

Ynlieding:

Nei oanlieding fan de brief fan de stifting VVV Ljouwert, dy't wy op 10 novimber l.l. fia it kolleezje fan B&W krigen, wer't út blykt dat it VVV kantoor yn Ljouwert mei yngong fan 31 maart 2021 ferdwine sil hawwe wy as FNP Fraksje Ljouwert de folgjende fragen:

Fragen:

1. Ut de begeliedende brief fan it kolleezje docht bliken dat de gemeente it ôfrûne jier regelmjittich oerlis hân hat mei it VVV. En deryn ek sprutsen is oer de takomst fan it VVV. Werom is de gemeenteried net op de hichte brocht fan dizze petearen oangeande de takomst fan it VVV, no't wy dizze wike pas op de hichte brocht binne as de eindatum al bekind is n.l. 31 maart 2021.
2. Hokker pogingen binne der fan út de gemeente dien om de VVV yn dizze foarm foar Ljouwert te behâlden?
3. Ut de begrutting fan it VVV docht bliken dat der in oanfraach dien is om foar 2020 o/m 2024 subsydze te krijen fan de gemeente Ljouwert, werom is hjir net op yn gien?
4. VVV Ljouwert, freget no oan it kolleezje fan B&W om mei in "plan fan oanpak" te kommen, hoe de ynformaasjeoarsjenning foarm krije sil yn in oare fysieke lokaasje.
5. Troch dat it HCL (eardere) taken oernommen hat fan it VVV, is it kolleezje ek fan doel om gearwurking mei it HCL te sykjen?
6. Hat it kolleezje al in nije lokaasje op it each?
7. Is it kolleezje ek fan doel de hjoeddeiske wurknimmers fan VVV Ljouwert, oer te nimmen yn in mooglike nije lokaasje?
8. Troch it sukses fan de kulturele haadstêd en om de toeristen dy't de haadstêd yn de takomst besykje moat der dochs in toeristysk ynfo punt wêze. Dielt it kolleezje dizze miening?

9. Is it kolleezje it ek mei de FNP Fraksje iens om de takomst fan in” nije toeristyske foarsjenning” yn in brede diskusje mei de gemeenteried te dielen yn it polityk podium?

Wy ferwachtsje op koarte termyn in antwurd fan it kolleezje,

FNP Fraksje Ljouwert

Lyda Veldstra-Lantinga

Verstuurd vanaf mijn iPad